

Tekst: Linda Relijveld (Hogeschool Leiden)
Oersetter: Albert van der Ploeg (Wethâlder Gemeente Dongeradiel)
Einredakteur: Janny Bottema

It is grien en kin driuwe

Mats en Finn ferfeelden har dea. Sy leinen de hiele dei allinnich mar op 'e bank te iten en te gamen. "Witst wat?" begûn Finn. Mar Mats hold him tsjin. "As dit wer sa 'n flauwe grap is, hâld dan fuortendaliks mar op! Us Beppe fertelt noch bettere grappen," sei Mats.

"Oh, mar ik hie krekt sa 'n moaien ien!" sei Finn. "It is grien en it kin driuwe." Hy hie it antwurd noch net iens sein mar moast sels sa hurd laitsje, dat er fan 'e bank rôle. "ANDIVY," rôp Finn en hy gûlde der oer. Mats liet syn eagen rôlje en seach syn bêste freon oan. Doe koe hy him ek net mear ynhâlde: "Broehahaha! Okee, dizze is wol goed!" gniisde Mats. Se leinen beide op 'e grûn fan 't laitsjen. Doe 't se wer wat bekaam wienen, sei Finn: "No eefkes serieus, ik mien it , ik fyn andivy echt fiis." Hy luts in mâl gesicht. "Behalve ast nei in restaurant giest! Dêr meitsje se alle grienten lekker." En Finn seach wer bliid. Mats wie it hielendal mei him iens. "Mar wat dogge se yn in restaurant dan oars?" Se prakkesearren en tochten djip nei. "Miskien wurkje se wol mei stjerrestof!" sei Mats. "Ja, of se tsjoene mei de yngrediïnten om se hiperfris te meitsjen!" sei Finn. It bleau eefkes stil en se seagen elkoar oan. "Tinksto wat ik tink?" sei Mats. "Ik tink it!" sei Finn. "Wy sille mei ús kamera stikem filmje wat sy dogge mei de grienten!" Dat wie in goed idee. Dan koenen harren memmen dat ek leare! Se namen it beslút om nei *Gillardeau* ta te gean, in restaurant om 'e hoeke. Dêr wie de andivy altyd superlekker. Se pakten de kamera en gongen op 'en paad.

"Okee Mats, hoe sille wy it dwaan?" frege Finn. Se stienen foar twa grutte ôffalkonteners achter it restaurant. Dêr boppe wie in rige ruten, dêr 't ien fan iepen stie. "Asto no op myn skouders stean giest en dan op dat ding klimst?" opponearre Mats. Sa sein, sa dien. Soepel wie oars, mar eefkes letter stie Finn op de ôffalkontener. Troch it rût hinne filme hy kletterjende pannen, fykjende messen, baarnende ovens en in ober dy 't mei in tsjinblêd fol ûnderút gie. 'BOEM! Klets klets... KEDENG!' Alle iten en de pannen leinen oeral oer de flier. Finn koe him net mear ynhâlde en skodde fan it laitsjen.

“Wat dogge se allegear mei dy grienten?” rôp Mats nei boppen ta. “Se litte se fleane!!” balte Finn krekt wat te hurd werom. De ober, dy ’t krekt al syn Frânske skelwurden oant it oefenjen wie, seach ferbjustere omheech. Doe ’t hy Finn mei de kamera seach, feroare syn gesicht fan ferbjustere nei lilik. Hy seach sa ôfgrysljik lilik, dat Finn bang wie dat it brânalarm ôfgean soe. De ober wâlde mei in pear grutte stappen nei de achterdoar ta en smiet dy iepen.

“HEE JIM DÊR! Wa binne jimme en wêrom filmje jim my?!” raasde de ober poerlik. “Fats en Min, ik bedoel, Mats en Finn en we woenen jo eins net filmje hear, echt, jo steane der allinnich mar op om’t wy grienten sjen woenen, ik bedoel, andivy, ehm.,” stammerde Finn. “Wat?!” sei de ober wer, noch hieltyd lilik.

“Hy bedoelt,” sei Mats, “dat wy witte woenen hoe ’t jimme de grienten sa lekker meitsje!” “Ja,” sei Finn, “want dan kinne ús memmen dat ek leare en dan ha wy dêr nooit wer rûzje oer!” It gesicht fan de ober like eefkes as wie it beferzen. Hij seach stadich fan Mats nei Finn en nei de kontener dêr ’t Finn op stie en wer werom. Yn in pear tellen ûntteide hy. Syn mûlshoeken lutsen omheech en hy skuorde him de bûsen út fant laitsjen. “Wat is hjir oan ’e hân, Jacques?” Ien fan de koks kaam út ’e keuken wei. “Dizze knapen wolle graach witte hoe ’t wy grienten lekker meitsje, sadat harren memmen dat ek leare kinne!” Ek de kok begûn te laitsjen. “No jonges, kom mar mei! Dan sil ik jimme wol eefkes sjen litte hoe ’t dat giet. Ik hyt Sybren!”

Eefkes letter stienen Mats en Finn by sa ’n allemachtich soad grienten sa ’t se noch nooit sjoen hienen. Sybren hie al in hiele protte ferskillende pantsjes klearsetten mei ferskate grienten der op. Hy hold in pantsje mei rauwe wytlof omheech. “Sjoch jonges, watst witte moatst is dat alle grienten in hiel eigen smaak hawwe. Wytlof is bygelyks hiel bitter.” Hy frege de jonges om in stikje te priuwen. “Getver!” sei Mats mei in soer gesicht. Sybren glimke riedseleftich. “Krekt! Do priuwst no allinnich mar dat bittere. De truc is om dêr in hiele oare smaak by te dwaan.” Oer de wytlof struide de kok stikjes apel, wat resinen en in bytsje kaniel, en hy hold dat de jonges opnij foar. Nei eefkes kôgjen rôp Finn mei folle mûle: “Huh? Nwo is het eigwenlik wol wekker!” “Dat komt om’t de smaken no yn balâns binne. Ik ha der swiete dingen by dien, dan stelt bitter net mear sa de show.” sei Sybren.

“En hoe sit dat dan mei andivy?” frege Mats, en hy wiisde nei het pantsje mei de bittere griene blêden. “Dy binne mar in bytsje bitter. Dêrom dochst dêr yngrediïnten by dy ’t dêr goed by passe. Wy meitsje dy hjir ta mei een paprikaatsje en in bosksipeltsje! Priuw mar ris.” Finn en Mats mochten safolle priuwe as se woenen en elke hap wie noch better as de foarige! Sa woenen sy harren grienten altyd wol ha. Nei ’t se Sybren betanke hienen foar de help, gienen se hast rôljend nei hûs ta.

Doe’t se thús kamen, ploften se mei de folle búk op bêd. Dêr bleaunen se in hiel skoft lizzen, oant Finns mem thús kaam. “Ach jonges, ha jim jim no de hiele dei sa ferfeeld? Jim sille wol sin oan iten ha! Pak jim spul, dan geane wy lekker út te iten!”

Der koe gjin sprútsje mear yn en gjin eartsje mear by. Yn it restaurant *Be Like* ieten de jonges alles hiel kalm op. Twa kear nei de wc, twa kear om drinken freegje en perfoarst net oan iten tinke. Finns mem naam in wyntsje en noch twa en doe ‘t de ober foar de fjirde kear kaam om te freegjen ‘oft de hearen ek noch wat te winskjen hienen?’ sei Mats. “Ober, meie wy de hin meinimme yn in “doggy bag” foar mei nei skoalle ta?”

De ober seach nei de hin dêr ’t se neat fan iten hienen en sei: “fansels jongehear, wat moai dat jimme de hin yn ’e biologyles útinoar helje wolle!” Finn en Mats moasten it laitsjen ynhâlde en dat slagge mar krekt. En mem? Dy seach mar wat grutsk nei har studintsjes.

